

SNEINSBRIEF MARTINITSJERKE

Protestantse Gemeente te Easterein

www.kerkeasterein.nl

www.kerkomroep.nl Easterein



20 JUNI 2021

11^e jaargang nr 10

Organist: Balt R. de Vries

Koster: André C Vink

Sneinsbern: Robin Laferte

Zangers: Jelle Brouwer

Folkje Visser

Han en Tjerkje

Kooistra



BLOEMENGROET: De bloemen
geane mei in hertelike groet nei;
Gep en AnnaJoke Bakker-Bruinsma

DIENSTEN IN DE ZOMERTIJD:

20 juni

09:30

Eredienst-Fryske Tsjinst

Pastor A.M. Dijkstra- van
der Woude

27 juni

09:30

Eredienst

Ds. Nicolette Vlaming

04 juli

09:30

Eredienst

Ds Corry Nicolay-Bouwer

Collecte:

1^e : Kerk-bloemenfonds

2^e : KIA Noodhulp Griekenland

Opvang voor gestrande vluchtelingen

Nog elke dag zijn er miljoenen mensen over de hele wereld op de vlucht. Een groot deel van hen komt uit landen waar het leven door oorlog of religieuze spanningen onmogelijk is. Op zoek naar veiligheid stranden mensen uit bijvoorbeeld Syrië, Afghanistan en Iran via Turkije op de Griekse eilanden, waaronder Lesbos. Hier wacht hen vanwege lange procedures een moeilijke en onzekere tijd. Kerk in Actie ondersteunt organisaties die hen opvangen, begeleiden en onderwijs aan de kinderen geven. Meer lezen: kerkinactie.nl/vluchtelingenlesbos

U kunt uw gift ook overmaken op bankrekening NL71 RABO 0349 50 66 55 t.n.v. Diaconie Easterein o.v.v. het collectedoel of de datum van de kerkdienst.

Orde van dienst zondag 20 juni 2021

Oargelmuzyk

Wolkom en meidielings troch de âlderling fan tsjinst.

-Oanstekken fan de kearsen.

Sjonge Liet 84: 1 en 2

1 Hoe leaflik is jo hûs, o Hear,
de wenning dêr't jo namme klear
ta klinken komt foar alle minsken.
Noait giet de langst-me by my wei,
dat ik dêr komme en sjonge mei.
Wat soe my boppe dream en winsken
noch leaver wêze as dêr to stean,
om ta jo libben yn te gean.

2 It heil dat oer de wente leit,
jout alle libben feilichheid,
de fûgels fine dêr har nêsten:
de swellen fleane út en yn
de mosken wenje boppe 't bynt
hja hawwe in honk om út te rêsten.
Ik haw in honk yn Gods paleis:
o dêr te sjongen nachts en deis.

Stilte - Bemoediging - Groet

Sjonge Liet 84: 6

6 Want God, de Hear, sa goed, sa myld, yn alle striid in skut en skyld, hâldt ús yn eare út geunst allinne. Want Hy ûntkeart it goede net	dy't foar Him libje oprjocht fan hert en op 'e goede wegen rinne. Hoe sillich dy't it yn 'e wrâld op Jo en op jo almacht hâldt.
--	--

Gebed

Sjonge Liet 216

1 Dit is in moarntiid as oait de earste. - 't Liet fan 'e klyster makket God grut.
Tank foar it sjongen, tank foar de moarntiid, - beide ûntspringe nij oan it wurd.

2 Dauwe oer de ierde, sinne fan boppen, - hearlike hôftún, rook fan alear.
Tank foar de beammen, blommen en fruchten,
al wa't hjir omrint, moetet de Hear.

3 Dei fan myn libben, ljocht foar myn eagen, - ljocht dat al fonkele dêr't Eden lei.
Priizgje yn 'e moarntiid God foar syn skepping, priizgje bliermoedich syn nije dei.

It kofferke fan beppe Setske.

Sjonge Liet 288

1 Goeiemoarn, wês wolkom dizze dei,
ús ferhalen nimme wy wer mei,
Laitsje, gûle, lok en ûngemak, alles krijt syn plak.

2 'God, wy freegje, wês der hjoed wer by.
Foar Jo sjonge_en ta Jo bidde wy.
Wy mei ús en Jo mei jo ferhaal
yn ús minsketaal.'

Taljochting op de lêzingen en gebed.

1e lêzing Job 30: 15 – 26 en 38: 1 (De iene ferskrikking jaget de oare)

Sjonge Liet 942: 1 en 3

1 Ik stean foar jo yn leechte en gemis,
frjemd is jo namme, tsjuster binn' jo wegen.
Jo binn' myn God, sûnt minskeheugenis
dea is myn lot, ha jo gjin oare segen?
Binn' Jo de God by wa't myn takomst is?
O Hear, ik lean, mar 'k bin der mei ferlegen.

3 Sprek Jo it wurd, myn hert ta treast en hâld,
dat my befrijet en opnimt yn jo frede.
Brek troch de dine fan myn lytse wrâld
mei 't kleare ljocht fan jo goedgeunstichheden.
Wês hjoed myn brea, it teken fan behâld.
Jo binn' dochs sels de siel fan myn gebeden.

2e lêzing Marcus 4: 35 – 41 (De stoarm wurdt delbêde)

Sjonge Liet 352: 1, 5 en 7

1 Jezus, Hear oer alle dingen,
wurd fan God sûnt ús begjinnen,
oan dy't lyts en stjerlik binne
ha Jo grutte tekens dien.

5 Jo, ferriisd út dea en slomme,
lieten strang en ûnbeskromme

wyn en wetterkolk bekomme,
en wy binne net fergien.

7 Stjoer jo azem, goai it roer om,
nim jo skipsfolk yn jo hoede,
lit jo Geast har geast beroere,
dat sy sjongend fierder gean!

Oertinking

Oargelmusyk

Gebeden, - stil gebed - ôfsluten mei it "Us Heit " .

Oandacht foar de kollekte, ûnder oargelmusyk

Sjonge Liet 107: 1 en 19

1 Lit no de lofsang klinke:

wat is de Heare goed!

Ja, God woe om ús tinke

en hat ferlossing stjoerd.

Dat is it lokkich liet

fan wa't út fiere lannen

befrijd op hûs oan giet,

ûntslein fan boei en bannen.

19 No bringe wy de Heare
om syn goedgeunstichheid

oanbidding, tank en eare:

ús God docht wat Hy seit.

Wa't mei syn hiele hert

Him oanropt om genede,

dy wurdt yn frijheid set,

dy kroant Hy mei syn frede.

Seine

Tegeare sjonge Liet 416: 1 en 2

1 Hear, wês mei ús oant in oare kear,

wol oant wersjen oer ús weitsje,

lit gjin kwea ús rigen reitsje

Hear, wês mei ús oant in oare kear.

2 Hear, wês mei ús oant in oare kear,

wol ús mei jo wjukken hoedzje,

stypje as de stoarmen woedzje.

Hear, wês mei ús oant in oare kear.